


De

?




Jachtwerf Eernewoude

Princshof 3
Tel. 05117-9300 b.g.g. 9251

Fa. Westerdijk en Zn.

Gem. Jachthaven

Feansterdyk 2
Tel. 9360



Tevens voor de doe-het-zelver
is er gelegenheid voor het
onderhouden van uw boot

Voor al uw onderhoud en reparatie
Botenlift met hijsvermogen tot 20 ton

Nog enige ligplaatsen
beschikbaar van 10 en 14 meter.

Voor al uw levensmiddelen

Aardappelen - groenten - fruit

bloemen en planten naar:



Gerrit en Goke Adema

Buorren 17 - OUDEGA - telefoon 05127-1371

VERRUKKELIJK VERS EN PLEZIERIG GOEDKOOP

Wij stellen u voor:

De eerste echte
HOOIDAMMERKAAS

gemaakt in Oudega.

Wij zijn elke vrijdag open van 2 - 5
en van 7 - 9 uur.

JAN en WENNIE CRAENS

Telefoon 2153

It West 16



VERSCHIJNING.

In verband met overstelpende drukte in de zetterij is deze uitgave een week te laat verschenen. Om dezelfde reden is een andere zetletter gebruikt.

Bij de volgende uitgave is alles hopenlijk weer normaal.

NAAMGEVING.

Inmiddels zijn er vele tips binnen gekomen omtrent de naam. Ze zijn stuk voor stuk goed waardoor de keuze erg moeilijk valt.

Red.

NU NOG MEER SERVICE IN ONZE VERGROTE
WINKELWAGEN



Jachtweide 7

Oudega

telefoon 1652



R. v.d. VELDE



HET DORPSFEEST GEZIEN DOOR DE OGEN VAN DE CAMERA



Oudega
Tel: 1582

Eernewoude
Tel: 9387

H.H. Veehouders van Oudega en omstreken.


Laat ook dit seizoen al Uw voorkomende werkzaamheden verrichten door:

TOERING 'S LOONBEDRIJF en KRAANVERHUUR

besteed meer **AANDACHT** aan uw **VEE**
Toering's loonbedrijf helpt u daarmee
o.a. door slootreinigen, kuilsnijden, mest- en gier-
verspreiden, greppelfrezen
kraan- en dumperverhuur

wij zijn ook in het bezit van een motorkettingzaag,
voor het rooien van bomen

Beleefd aanbevolen
Fa. TOERING



Diervoederbedrijf



HERFSTAANBIEDING

De nieuwe collectie flanelakens
is weer binnen.



*Effen en gebloemd
in 1- en 2-persoons.
Hoeslakens in alle maten.

Ook leveren wij:
Wollen, dralon en gestikte dekens.
Dekbedden en elektrische dekens.

Kooistra's Textiel
Buurren 22
Tel. 258/b.g.g. 218

WAARDEBON

*Bij aankoop van flanelaken
f 2,00 reductie!
Geldig tot 15 november.*



Voor al uw TIMMERWERKEN

bouwbedrijf

**Buorren 30
Oudega (Sm.)
Tel. 05127 - 1470**

D. BERGSMA

Geachte dorpsbewoners,

De reden dat wij het volgende verslagje in de dorpskrant schrijven is, dat Henk Herder ons de eerste, nog naamloze, dorpskrant aanbod op onze trouwdag met de vraag een verhaaltje te schrijven over deze dag, 29 augustus j.l.

Als we dit zouden weigeren, zo sprak Henk, kregen we de vernieuwde dorpskrant niet. Ja, want nu wij Leeuwarders zijn, hebben we geen recht meer op Oudegaaster lektuur. Daarom hebben we de pen maar ter hand genomen en zie hier het resultaat. Het feest begon in de nacht van 28 op 29 augustus. De burens rond Buorren 28a hebben die nacht weinig of geen slaap gehad, maar wel veel werk en plezier. De versiering moest n.l. "stiekum" aangebracht worden op, naast en voor huize Bouma. 's Morgens konden wij het resultaat bekijken, het was geweldig. In Wirdum hadden de burens het niet zo moeilijk gehad met de versiering die nacht, want op 27 en 28 augustus was het dorpsfeest in Wirdum. De D. Hellemastraat bleef gewoon een dag langer versierd. De trouwdag verliep geheel naar wens. Vooral voor onze chauffeur nog een compliment. Na een slapeloze nacht stond daar 's morgens om elf uur toch de mercedes schoon en glanzend gereed, om ons naar het stadhuis en kerk te vervoeren. Verder valt er weinig te vertellen over onze trouwdag. Wel willen we graag iederéén nogmaals hartelijk dank zeggen.

Willem en Metsy Bouma.

In mijn werk ben ik veel bezig met kinderen. Je beseft dan hoeveel mogelijkheden de kinderen hier hebben dit in tegenstelling tot kinderen in ontwikkelingslanden. Daarom wil ik graag iets vertellen over financiële adoptie, dat toegespitst op 't Foster Parentsplan (pleegouders plan).

De Stichting Foster Parents Plan Nederland is onderdeel van de internationale Foster Parents Plan Organisatie. Deze bestaat sinds 1937.

Foster Parents Plan verleent hulp aan gezinnen door middel van financiële adoptie van kinderen uit die gezinnen.

Hiertoe zoekt Foster Parents Plan pleegouders die een maandelijkse bijdrage van f 45,- op rekening van de Stichting storten, welk geld wordt besteed aan financiële steun voor het gezin, voeding, medische hulp en onderwijs, daarnaast begeleiding door maatschappelijk werkers om te trachten hun leefsituatie te verbeteren. Er wordt voor gezorgd, dat de maandelijkse bijdrage aan het eigen pleegkind en het gezin van het kind wordt besteed.

De pleegouders worden door brieven, die het pleegkind hen regelmatig stuurt, een rapport van een maatschappelijk werker die het desbetreffende gezin maandelijks bezoekt en een jaarlijks verslag over de vooruitgang van het gezin op de hoogte gehouden. Ongeacht het land, het persoonlijk contact met pleegkind en pleegouders blijft een belangrijk onderdeel.

Naast het persoonlijk rapport, de briefwisseling en de foto, krijgt elke Foster Parent een regelmatig overzicht over de verbetering van het land waar zijn kind woont.

Het uiteindelijke doel van Plan is het helpen van kind en gezin totdat hun positie afdoende verbeterd is of totdat het Foster-kind de leeftijd van 18 jaar heeft bereikt. Wie zich door dit stukje aangesproken voelt kan zich in verbinding stellen met:

Foster Parents Plan Nederland
Johannes Vermeerstraat 24
Postbus 5000
1007 AA Amsterdam Tel. 020-767676

S.P.W.

in onze dienstverlening:
„FOTO SERVICE”
Foto ontwikkelmateriaal

NIEUW

Voor de allermooiste foto's:

- * geplastificeerd papier
- * zijde raster geprint
- * zonder rand
- * geen porto - adm. kosten
- * snelle afwerking

GRATIS EEN FILM
en een aanzichtkaart repro. uit 1920

FOTO PRUIKSMA



Tevens:
vergroten/deelvergroten
tegen gereduceerde prijzen
inlijsten
(houten lijst - ontspiegeld glas)
photoblocs zelfklevend
9-13 tot 60-90

Gevonden tijdens het dorpsfeest:

1 sterrenbeeld-medaille met ketting
1 wollen vest, bruin gespikkeld

Te bevragen bij Pruiksma.

TE KOOP

Complete centrale verwarming (8 stuks grote en kleine radiatoren). Te bevragen bij Henk Herder, tel. 05127-1400.

TE KOOP

Oude antieke linnenkast.
Henk Herder.








TE KOOP

Grote elektrische petroleum hanglamp, f 175,-.
J. de Vries, Dwarssingel 33, Oudega.

TE KOOP

Cristliner speedboot met mercury-motor 40 pk,
en waterskies. O. Paulusma, tel. 05127-1894.

ENIGE FOTO'S TIJDENS DE ZESKAMPSPELEN





Het adres voor

1ste klas

-aardappelen
-groenten
-fruit

Folkert de Haan
Tel. 05127 - 1414

KINDERSPUL 1980

De kinderspulweek ligt al weer enige tijd achter ons. Maar toch lijkt het ons leuk om in vogelvlucht de verschillende activiteiten nog even door te nemen.

Maandag: Huttenbouwen op het terrein t.o. Auke de Boer. Een kleine tweehonderd kinderen en niet te vergeten de vrijwilligers, hadden weer wonderlijke bouwsels in elkaar getimmerd. Jammer, dat we minder en ook minder geschikt hout hadden dan vorig jaar. Dat kwam, doordat onze kontaktpersoon bij Halbertsma in Grouw in het ziekenhuis heeft gelegen en pas na de bouwvakvakantie weer aan het werk ging. Zodoende heeft hij er geen oog op kunnen houden, dat er voor ons afvalhout bewaard bleef.

Dinsdag: 's Morgens spelletjes en een groot springkussen op het sportveld. Het krioelede er van de kinderen. De grote trekpleister was natuurlijk het springkussen. Dat liep echter een beetje mis. Pluvius was ons niet zo goed gezind. Zo nu en dan was het een beetje nat. Zodoende kon het springkussen niet opgeblazen worden, maar om een uur of elf klaarde het weer wat op, zodat het feest toch nog door kon gaan. Voor de meesten was de tijd om te springen toen veel te kort en iedereen was bang, dat hij geen beurt zou krijgen.

's Middags zijn een heleboel kinderen aan het verven en versieren geweest in het Huttendorp. Er zullen wel verscheidene moeders zijn geweest, die gefoeterd hebben, want er waren kinderen bij, die hadden zichzelf opgeschilderd. Een volgende keer maar de alleroudeste kleren aan, dan kan er niet zoveel mis gaan.

Woensdag: Dierendag. 's Middags was er een dieren-tentoonstelling, waar een grote verscheidenheid aan dieren te bewonderen was. Zoals geiten, konijnen, honden en katten, schapen, pony's, cavia's, gevogelte en wandelende takken.

De prijswinnaars kregen van de jury een passend lintje omgeknoopt. Ook konden de kinderen een ritje maken op pony's van de rijvereniging "De Klaverkamp".

's Avonds bij de haven was er een grote viswedstrijd. Een dikke tachtig deelnemers zaten zij aan zij aan het water. Veel vis werd er niet gevangen, maar de pret was er niet minder om.

Donderdag: Voor de kleintjes van 4 t/m 8 jaar was er poppenkast in de kantine van de k.v. Quick. Geweldig, zoals klein en groot genoten hebben van de poppenkastspelsters Tjitske en Tineke. Dit is wel voor herhaling vatbaar. De Lilly-sisters, die zich

voor Stuif-es-in hadden opgegeven, maar dat wegens te weinig deelname niet doorging, hebben ook nog hun kunnen laten zien. Beroeps hadden het niet beter kunnen doen. Stuif-es-in ging dus niet door wegens te weinig deelname.

Vrijdag: Op 't laatste moment hadden we voor 's morgens nog de bus van de Friese Sportraad gehuurd. Dit i.p.v. Stuif-es-in. Bij de bus was ook een springkussen, zodat iedereen nu eens goed aan zijn trekken kon komen.

's Middags zijn er verscheidene muziekinstrumenten gemaakt voor de lawaai-optocht, die 's avonds werd gehouden. Alle mogelijke materiaal werd hiervoor gebruikt, zoals dozen, doppen, spijkers, blikjes, autobanden, macaroni, flessekoppen enz. Hierna gingen ze naar huis om zich te verkleeden en op te maken voor het pannekoeken bakken en de lawaai-optocht. Een paar honderd pannekoeken waren van te voren al gebakken. In een ommezien waren deze echter al verorberd, zodat de baksters bij de houtvuurtjes druk werk kregen om ieders honger te stillen.

Om 7.00 uur was het zover, dat de lawaai-optocht van start kon gaan. Elk jaar sta je er weer van te kijken, wat voor prachtige creaties de kinderen kunnen bedenken. Bij de terugkomst op het terrein stond de stapel hout van de afgebroken hutten al in lichter laaie. De brandweer heeft, voordat ze het laatste vuur doofde, de jeugd op zijn manier nog even prettig bezig gehouden. Een grote sensatie was het voor de kinderen, om met de grote brandspuiten het publiek nat te maken. De brandweermannen hadden misschien zelf wel het allergrootste plezier.

Dat was de afsluiting van onze kinderspulweek in Oudega. Rest ons nog alle vrijwilligers te bedanken voor hun hulp, o.a. mensen, die hun vakantie opofferden, de pannekoeken baksters, poppenkastspelsters, de Klaverkampruiters, en niet te vergeten Auke de Boer, die zijn stuk land weer gratis beschikbaar stelde om het ons mogelijk te maken "Kinderspul" in Oudega te organiseren. Alle vrijwilligers nog eens heel heel hartelijk bedankt en hopelijk tot volgend jaar.

De Kinderspul Kommissie.

Prijswinnaars Dierentoonstelling

Geiten

Prijs	Winnaar
1	Henk de Vries, kampioen
1	Arjan van Reenen
1	Henk Hospes
1	Liuwe Wijma
2	Henk de Vries
2	Mattie Paulusma
2	Arjan van Reenen
2	Joukje v/d Veen
2	Folkje Polstra
3	Marten Polstra
3	Rinse Wijmenga
3	Henk de Vries

Dwerggeiten

1	Wierd de Groot
1	Jelle Wijma, kampioen

Konijnen

1	Wietske Elzinga, kampioen
1	Jan v/d Heide
1	Aaltje de Vries
1	Sibbele Douma
2	Tjitte Douma
2	Renske Douma
2	Margriet Hoekstra
2	Janneke Kooistra
2	Jellie Hoekstra
2	Wieke Hoekstra
2	Jerta v/d Plaats
2	Attie Veenstra
2	Wietse Jelsma
2	Marjan de Haan
2	Anneke de Haan
2	Anneke de Haan
2	Rinskje Deelstra
2	Roel Kooistra
2	Marja Wiersma
3	Rinse Harmsma
3	Henriette Sluiter
3	Martha Jelsma
3	Marjan Tjeerdsma
3	Joke Tjeerdsma

Katten, oud

1	Sjoukje van Dellen, kampioen
1	Peter Bergsma
1	Egbert van Reenen
1	Rient v/d Plaats
2	Jannie de Vries
2	D. van Osnabrugge

Katten, jong

1	Rennie de Jong, kampioen
1	Wia Geerligs
1	Mark Ossendrijver
2	Aafie de Vries
2	Attie Wiersma
2	Maaïke de Jong
3	Jan Uilke de Jong
3	Tineke Toering
3	Jelle Wijma

Schapen

1	Trynke v/d Meulen
---	-------------------

Cavia's

1	Annette van Keimpema
2	Arjan Wagenaar
2	Gerda Renkema

Duiven

1	Jan van Zonneveld, kampioen
1	Jelle Wijma
2	Henk v/d Wal

Kanaries

1	Jan Kuipers
---	-------------

Parkieten

1	Simona de Vries
1	Janneke Kuipers

Kippen

1	Jeroen van Reenen
2	Wieke Hoekstra
3	Adrie de Vries

Wandelende takken

1	Lykele Kuipers
1	Henk van Zonneveld

Honden

1	Willeke Reitsma
1	Cor Tjeerdsma
1	Geertje Reitsma, kampioen
1	Rob Jansma
2	Jannie Paulusma
2	Eefje Riemersma
2	Ale de Jong
2	Jolanda Polstra
2	Sjoerdje Algra
2	Petrus Arendz
2	Peter Jelsma

Pony's

1	Hiltje Reitsma
1	Sipke Riemersma
2	Harm Kooistra
3	Sjoerdje Algra



esa travel counter

BUORREN 11

OUDEGA SMALL.

TEL. 05127 - 1755*

vliegreizen

cruises

safari's

expedities

scheepspassages

groepsreizen

chalets

touringcarreizen

treinreizen

wereldvliegreizen

wintersport

bejaardenreizen



"HET GROENE KRUIS OPEINDE e.o."

Freed 3 oktober waerd it 75-jierrich bestean fan de foriening "It Griene Krús, de Pein e.o." fierd. Earst mei in offisiele resepsje fan 16.30 úre oant 18.00 úre yn café Vislust yn de Pein.

Oanwêzich wiene dêr ôffurdigen fan de forieningen fan doarpsbelang út de fjouwer doarpen, de hearen Vlas en Van der Veen fan it Provinciale Griene Krús út Ljouwert, wethâlder Jongstra en oare noadigden. De foarsitter fan de jubilearende foriening, dhr. F. de Groot út de Pein helle yn syn taspraek u.o. nei foaren dat in wykgebou yn ús gebiet dochs wol as in slim gemis fielt wurd.

De ûndersiikkommisje dy't by de langlêsten hâlden bûtengewoane ledenforgadering ûntstien is, is drok dwaende alle mooglikheden datoangeande nei to gean. Fierders fortelde de foarsitter dat it hieltyd mear swierrichheit jowt, minsken to finen foar in bistjûrs-funksje. De matearje fan it Krúswerk wurd dêr ek net ienfâldicher op. Barde eartiids alles fan ûnderen ôf, hjoeddedei is it sa dat alle ynformaesje en ynstruksje fan boppe (Den Haag) op jin takomt. Hy rôp dan ek op foar desintralisaesje fan it Griene Krúswerk.

Dhr. Vlas direkteur fan it Prov. Griene Krús út Ljouwert helle inkelde histoaryske feiten oer it ûntstean en fierdere forrin fan de foriening. Hy wie it tige iens mei dhr. de Groot oer it bilang fan desintralisaesje fan it wykwerk.

De pleatslike Griene Krúsforieningen moatte werom nei in oanpak dy't de soarch foar de sounens wer tichter by de minsken bringt, sa sei hy.

Wethâlder Jongstra hie de hoop dat dizze selde minsken yn 1981 wer sa byinoar sitte soene en dan om in nij wykgebou to iepenjen.

Hy joech de foriening de wink om sa gau mooglik to bouwen. De A.W.B.Z. redt mei de sinteraesje, mar it is net útsletten dat fan die kant ek bisunigin-gen to forwachtsjen binne, sa sei de wethâlder.

De jouns waerd it jubileum fierd mei de leden yn it Miensker. Oer bilangstelling hie men net to kleijen, it Miensker siet grôtfol. De foarsitter koe meidiele dat de foriening in telegram mei lokwinken út New Orleans, Amerika, fan dokter Meyboom krige hie.

Yn de seal fan it Miensker wiene wurkstikken, tekeningen en opstellen to biwûnderjen dy't makke wiene troch de bern fan de legere skoallen út de fjouwer doarpen. Op skoalle wie harren in diaserie oer it krúswerk sjen litten en Wieke v/d Kooi hie de bern oer har wurk yn de wyk forteld.

It koe allegearre bisjen lije, dêr wie in protte wurk fan makke. Alle legere skoallebern hawwe letter in banaen fan de foriening oanbean krige.

It programma siet fol fariaesje. It muzykkorps Apollo-Foarút iepene de rigele en liet hearre dat in lyts korps hiel hwat yn syn "mars" hat.

De bejaerdenfolksdounspleoch út Aldegea brocht mei faesje in demonstraesje fan forskate dounsen.

In histoarysk oersicht waerd troch trije bistjûrs-leden foar 't fuotljocht brocht. Nei de pauze krigen wy earst de boerekapel mei dêryn in kljnkende drumsolo fan Kees fan de bakker. Doe kamen de swet-sers fan de tonielforieningen Violeria/Nij Biggin mei de ienakter: "Ik hat ris hawn".


De spilers wiene: H. Terpstra, T. Bergsma-Jelsma, W. Welling en B. Jeeninga. As lêste kaem fan bar de sjongforiening "Fryslân sjongt" út de Tike. Hja krigen de hannen fan de tahearders wol opelkoar mei harren moaye Fryske sankjes. Nei dit programma is d' er noch oan't goed healwei twaën ta dounse op muzyk fan it duo "De Notenkrakers" út Burgum.

Dit wie in tige geselliche ôfslúting fan in slagge fiering fan it 75-jierrich bestean fan de foriening.



AGRARISCH ALLERLEI

H-H-WINKEL



Reidinga b.v. - Oudega

TELEFOON 05127 - 1323 - 1988 - 1993

- * GRONDWERKEN
- * AANLEG LANDBOUWEGEN
- * WEGVERHARDING
- * BESTRATING
- * KIPPERTRANSPORT
- * BULDOZERWERK

Levering zand



VAAR OP ZEKER!

POSTEMA INSTALLATIES

*Landelijk erkend INSTALLATEUR.
Voor al Uw werkzaamheden op het
gebied van:*

- Dakbedekking
- Zinkwerk
- Elektra
- Waterleiding
- Verwarming

Dag en nacht bereikbaar



Tel. 05127 - 1526, Oudega.

Aldegea en de Aldegeasters.

Al wat jierren ferlyn moat immen sein hawwe: "Aldegea fergrizet". Dat wie doe (mien ik) mei it each op 'e wentebou en it woe safolle sizze as: "Hjir is it net nedich dat der boud wurdt".

No, dat foel fansels net yn goede ierde; fergrizjen is ommers it begjin fan de ein. En doe it wer doarpsfeest wie, doe stie der by de Rabobank in fersierde bôge mei in line fol lytseberneklean-tsjes. Aldegea libbe noch en Aldegea soe libje. Sa waard der hjir oer tocht; en wier, der binne hûzen boud en nei 't der sein wurdt, komme der noch folle meer by. Wol in bewiis, dat der libben is en nij libben ferwachte wurdt.

Men kin hjir ommers ek noch wol foar alles te-rjochte. In toskedokter hawwe wy hjir noch net, mar bûten ús eigen hûsdokter, wenje hjir (mien ik) noch trije dokters. Ferskate sakelju hawwe hjir noch in bestean en wat iterije, klaaiinge, diggelguod, izerwurk, fytsen en autoreperaasje, timmerwurk, farvjen, strijtsjen, hierknippen en safuorthinne oangiet ... wy kinnen op ús eigen doarp holpen wurde. Ek as wy nei it bûtenlân wolle, wy kinne by de Rabobank jild wikselje en as it moat ek jild liene; en fansels ek jild hinne bringe om te sparjen. De lêste tiid hawwe wy hjir ek in printerij en in útstjûrburo. Wa 't no noch sizze doar dat Aldegea fergrizet, dy hat it wol foargoed mis!

Fjouwer skoallen hawwe wy hjir, dêr 't learlingen fan 6 oan 't oer de 70 jier les krije. Twa tsjerken hawwe wy dêr 't de hiele doarpsmienskip sneins Gods Wurd heare kin. Dêr 't de measte minsken ek bliid mei binnen en der sneins hinne geane om har psalmen te sjongen!

En salang as de tsjerketsjinst noch in plak hat yn it hert fan de doarpsminsken, salang bliuwt in doarp libjen en salang sille de minsken har tinzen ek út-gean nei hegere libbenswearden as allinich fan de deistige dingen fan dizze wrâld. Aldegea wie fan âlds it headplak fan dizze gritenij en it gritenij-hûs stiet hjir noch midden yn 'e buorren. Dat de Aldegeasters der noch tige wiis mei binne, hat okkerdeis wol bliken dien. It hûs is wer opkreeze sa dat de minsken der noch ris noflik sitte kinne; en ek efter in gleske sprekewetter fertelle fan lang ferlyn lyk as by âlds It soe winlik ek spitich wêze as soks ferlen gong; want der binnen ferteltsjes dêr 't no noch om lake wurdt.

Sa bygelyks oer de skippers. Om 't Aldegea yn 't foarige sawat midden yn 't wetter lei, wie dêr fansels in protte skipfeart en guonlju fertsjinnen dermei harren brochje. Sa ek Linze skipper. Fan him wurdt ferteld, dat hy op Drachten en Ljouwert fear. It gie fansels net sa hurd as yn ús tiid. It wie meastal sile of skowe. Op in kear, (de reis soe nei Drachten) mocht Jehannes, syn soan ek mei; foar

Rabobank



ook voor Uw:

* REIZEN

* VERZEKERINGEN

* REISDEVIEZEN

Fabrykswei 13, Oudega Sm.

telefoon 05127 - 1533

VOOR AL UW
SCHILDER-,
SAUS-
EN BEHANGWERK

Tevens uw adres voor glas
en thermopane (dubbele beglazing)
met 30 % subsidie.

Fa. VAN KEIMPEMA
schildersbedrijf
Fabrykswei 17 - Oudega (Sm.)
Tel. 05127 - 1206

de earste kear soe dat wêze en Jehannes hie der tige sinne oan! Doe 't alles klear wie, moast iten oan boârd brocht wurde. Jehannes soe de panne mei beantsjes wol efkes oer de planke bringe ... de sneinske klean hie hy oan ... O, wat like him alles moai ta. Foarsichtich stapte hy op'e planke ... fuotsje foar fuotsje gyng it ... mar ... der ... ynienen ... seach Jehannes himsels yn it wetter? ... skodde de planke wat ryklik? ... wie de beantsjepanne te hyt yn syn hannen ...? wa sil it sizze ...?

De panne foel ... en sonk wei ... Jehannes syn Heit stie op it skip en seach it oan ... Deabedaard? sei er: "Jehannes kin it âlde broekje wol wer oanlûke... de panne mei beantsjes is dochs al nei de ferdoemnis ...


Aldegea hie ek in stoomboat; de namme: "Voorwaarts" stie der op. De boat wie eigendom fan Jan Durks de Jong, út de polder. Jan Durks wie Boatskaptein, boer en wonderdokter. Blykber in man dy 't wat meer koe as slochthinne.

Hottem wie masinist op'e boat en Gjalt (grutte Gjalt) sei men dy fear ek altyd mei en holp by alle wurk dat der te dwaan wie. Jan Durks gie foar in tige hastige opljeppende man. Hottem kalm en evenredich. Gjalt altyd op syn iepenst. No barde it op in kear (hja kamen werom út Ljouwert) en it wie tige mistich, dat hja troch de Headamsbrêge fearen en dat grutte Gjalt raasde: "Stop Hottem ...!! Tink om it soal ...!" Mar Jan Durks, man fan avensasje, rôp der dwers tsjin yn: "Voorwaarts Hottem! ... sjoch datst yn'e haven komste!" Wat moast Hottem no dwaan? Hottem bleau himsels. Hy koe it farwetter ... 't bêste wie, mar wat sûnich oan dwaan ... de kaptein stie oan't stjûr ... dy hie ek al wat waarms ynnommen ... hy mocht it graag ... Boppedat, der stie dochs "Voorwaarts" op syn boat, hy seach gjin spoek ... mar dochs ... hja rekken fêst op it sân. En hja kamen dy jûns net meer yn'e haven ... in hiele nacht lei de "Voorwaarts" doe op it sân. De Jan Durksen wiene wol lju mei ûndernimmingsgeast. De Pake fan de boatskaptein, hat, wer't no

de polder is, dêr yn't foarige de klyn útgrave litten en in dyk deromhinne meitsje litten. Sa is de namme "Jan Durks polder" ûntstien. Yn it foarste plak moast der turfstutsen wurde, soe it brûkber lân wurde kinnen. Ferskate arbeiders koene dêr wurk fine. It wie doe in krappe tiid; de arbeiders krigen by't winter amperoan genoch iten en hine dan by't maityd neat meer om by te setten. Dêrom (sa is't ry ferteld) waard der by de feanbaas earst slachte. De arbeiders krigen dan in skoftke tige goed iten en foardat dan it wurk yn de klyn begûn, hiene hja wer nije moed en krêft en koene better arbeidzje. en krêft en koene better arbeidzje.

De turf dy't der stutsen waard moast somtiids alhiel nei Hollân fean wurde en stie te boek foar "77½ ct de ton". Sadwaande wie it by de feanbaas sels ek gjin fetpot dat kin men fon tinken wol hawwe. Yn 1860 stiet de drank te boek foar 60 en 65 cinten; dat sil wol it flesfol west hawwe. In fracht sân foar f 4,80 en in fracht stien foar f 8,80. Dat lêste stie ek noch efter: "by de storm". Yn 1893 stie it kostjild foar twa minsken te boek, dat wie 80 cinten en "Berend in halve dag by de molen 35 cent".

Wy kinne ús soks net meer begripe en as it doe net opskreaun wurden wie, dan soene wy it mar amper leauwe wolle.



*It is gown minsken like folle
ot de kou skiet of de bolle*

*Mar foar in goed stik fleis, sa ha'k ûndeckt
komt it de measten tige krekt*

*Dêrom en dit is tocht ik klear tael
stiet kwaliteit by ús sintrael*

*En smakket it jo tige lekker,
tinke jo, hjirfan wol'k mear*


*Dan steane wy mei de bekende kwaliteit
foar fulling fan jo friezer klear*

*Dus foar ljerre, snijworst of
in stikje rikke spek op brea*

Hoask oanrikkemedearre

OEDS PIETERSMA

SLACHTER ALDEGEA



Autohandel - Spuitinrichting Schadereparatie

NU OOK DIESELolie VERKRIJGBAAR.

AUKE DE VRIES - GARAGEBEDRIJF

Gariperwei 2, Oudega Small. - telefoon 05127 - 1777

CAFE - BAR - SLIJTERIJ

„DE HERBERGH“



Voor een
- koel glas bier
- een fijne borrel

*De gehele week geopend vanaf 10 uur
(woensdags gesloten tot 's avonds 8 uur)*

Div. soepen, uitsmijters en warme snacks

*Als vanouds het stamcafé waar u rustig
een kaartje kunt leggen*

Buorren 11a, Oudega (Small.)
Tel. 05127 - 1644
Tot ziens bij Joop en Nel


Sa is dan Jan Durks polder ûntstien en is Jan Durks fan feanbaas boer wurden. As it winter wie, dan stie de polder somtiden alhiel fol wetter en dan fearen hja wol yn'e jarrebak nei it doarp ta. Mei de boat bleauwen hja faaks fêst sitten op it gers. Der giet ek noch in ferteltsje fan de âlde Jan Durks. Hy wie ris in kear mei in knoarre jild ûnderweis. Wêr't hy dat dan wei helle is net bekind, mar it moast brûkt wurde, om de arbeiders te beteljen. Der wie doe noch gjin papierjild en somtiden moast der ek wol in arbeider mei om te sjouwen. No barde it op in kear (hy rûn doe allinnich) dat hy yn'e fierte in pear mannen oankommen seach. "No wurd ik faai" sa tocht hy ... Hy soe syn jild kwyt reitsje ... en kaam faaks net wer libben thús ... Wat moast hy dwaan? De mannen koene him troch de beamkes noch net sjoen hawwe tocht him. As hy no ris ûnder dat boat (dat der op'e kop lei), as hy der no ris ûnder krûpte ... it like him op dit stuit syn ienichste kâns ... en hy die it ... Stadichoan heard de hy de mannen en harren praat tichterby kommen ... al tichterby ... no wiene hja by it boat ... hja bleauwen stean ... "Om dizze tiid wie Jan Durks oars altyd al op dizze hichte" sa heard de hy de mannen sizzen ... Hja gongen op it boat sitten ... mar efkes wachtsje ... hy soe aanst wol komme ... en dan soene hja him wol treast wêze ... Sa heard de Jan Durks de mannen praten ... hy lei dêr yn tûzen angsten ... hy hâlde de siken yn ... hy koe de mannen as syn eigen arbeiders ... Nei in skoftke hiene hja har nocht fan it wachtsjen ... hja gienen oerein ... en fierder ... Stil bleau Jan Durks noch lizzen ... krekt salang dat hy ûngemurken ûnder it boat wei krûpe koe ... doe gong er hoeden fierder ... en kaam wer thús! Hy wie bewarre!! De oare moans krigen twa fan syn arbeiders hje!jûn. Men kin fan tinken wol ha, dat de mannen sels wol wisten, wêrom as hja dien wurk krigen.

D. v/d Mark, 1976.

ENIGE FOTO'S, DIE GEMAAKT ZIJN TIJDENS DE BAZAR



DRUKKERIJ S.O.D. B.V.
BUORREN 11
OUDEGA SMALL.
TEL. 05127 - 1755*



Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID
van OUDEGA met een
nog echt open vuur.
Tel. 05127 - 1536

A.J. WELLING
BUORREN 18
OUDEGA

Mear wite fan eigen krite.

De fôle mei de brijpot en oare nuvere ferskinings

Ieuwenlang al hat ús doarp in kristlik doarp west. Gean mar nei, de âlde herfoarme tsjerke stiet der al sûnt + 1100 en foar dizze tsjerke hat der op itselde stee in oar kristlik tsjerke stien, in houtenien, nei alle gedachten. Hoenear't ús foarfaars de stap fan heidendom nei roomsk kristendom dien ha en hoenear't de earste tsjerke hjir boud is witte wy net. Dat leit yn'e tiid ferhoalen. De skriuwer fan "Heidendom in Smalingerland" wol der op út, dat de ferneamde Bonifatius (+ 675 - 5.6.754), dêr't wy fan witte, dat er trije jier yn Fryslân preke hat, hjir wolris de earste tsjerke stifte hawwe kin. Net ûnmooglik, Bonifatius is de Boarn opfearn en hat dus net fier hjir-fandinne west, faaks is er ek oer de Smeliester sânig fearn; hy soe hjir dus west hawwe kinne, mar bewize kinne wy it net. Mar, Bonifatius of gjin Bonifatius, it kristendom hat te Aldegea al ieuwenlang foar master opslein, dat stiet net yn'e kiif.

Mar it hat Aldegea net hoedzje kind foar byleauwe, want dat kaam hjir ek foar. Wat dat no krekt is, byleauwe, is net iens sa maklik te omskriuwen, mar ik wol it, hiel koart, besykje. Byleauwe is: net-offisjeel, tradisjoneel leauwe oan bûten- en boppenatuerlike wurkings en ferskinings. Dy definysje sil ek wol wer tsjinoan skopt wurde kinne en dan wol ik him graach omruilje foar in betterenien. Mar as wy him no earst dochs mar brûke, dan giet it oer foartsjirmerij en oer geasten, spoeken, tsjoenster, duvelbanders en soksoartich reau. Byleauwe kaam foar yn alderhanne fermiddens, rjochtsinnige likegoed as frijsinnige.

Tsjoensters

Dat wie de namme, dy't te uzes jûn waard oan meastal âlde, earne wyfkes, fan wa't sein waard, dat hja, om't hja in ferbûn mei de duvel sletten hawwe soene, minsken en bisten kwea dwaan koene. Yn eardertiden wie der suver yn alle Fryske doarpen wol in tsjoenster, neffens de lju. Oft Aldegea ek in eigen tsjoenster hân hat is my net bekend, mar ik tink fan wol. Yn alle gefallen, der kaam hjir wol frij faak ien út Earnewâld om by de Aldegeasters de skrik der yn te jeien. Teminsten, de Aldegeaster boer en boerinne, Melle Zwerwer en syn wiif Haukje, hawwe beide wifhoefaak sjoen, dat Jitske Sipkes Madstra, it wiif fan Auke Douwes Feenstra, fiskerman te Earnewâld, mei har dochter Sjutsje by Melle-en-dy boppe fan it skuorretek ôf op'e grûn delsaaiden, as wiene it fûgels. Frou Feenstra wie tsjoenster, dat sadwaande. Dy beide froulju stiene suver foar neat, want de minsken hawwe dy twa ek wol farren sjoen yn in molkaad en dan brûkten hja stopnuddels as kloet!

Duvelbanders

Neffens it leauwen fan de minsken wie in duvelbänder immen, in manspersoan meast, dy't macht hie om kweageasten te ferjeien, spoekerij ophâlde te litten en betsjoening te neutralisearjen. Noch om 1900 hinne wennen der yn Fryslân in stikmannich duvelbanders dy't wiid en siid ferneamd wiene. Ik neam in stik of wat, dêr't de measte âldere Aldegeasters grif wolris fan heard hawwe: Grutte Wopke fan Kûkherne, Knilles Wyttes fan Sumar, dêr't sels ien kear wyks in speciale Knilles Wyttes-tram hinne ried, Piter Poes fan Sumarreheide en Joast Wiersma fan Jistrum.

In duvelbänder wie meastal ek wûnderdokter. Sjoch, de gewoane kwaaltsjes: in grypke, pine yn'e holle en yn'e mûle, dêr hie elkenien wol wat foar, mar swiere koarts, dêr wiene de lju mei oan.

Dêr waard in troch tsjoenderij ynbrochte kweageast fan makke en dy koe inkeld mar troch in saakkundich persoan, de duvelbänder, útdrean wurde. Sa'n duvelbänder kin men ferlykje mei de medisynman by primitieve (d.w.s. yn it begjinstadium fan ûntjouwing ferkearende) mienskippen. Troch ferbjusterjende wurkwizen en in soad poeha soargen de mannen ornaris wol, dat it leauwen oan tsjoenderij en duvelskeunsten yn wêzen bleau.

Aldegea hat ek syn duvelbänder hân; spitigernôch ken ik syn namme net. Mar der is in ferhaal bekend fan in man út Garyp waans bern bestjoend wie. Syn ried te'n ein gong de man om help nei de Aldegeaster duvelbänder. Dy koe him foar it bern net folle hope jaan, ("Ik hie jo al folle earder ferwachte", wie har sechje dan.) mar makke dochs in drank ree om mei te nimmen. "Mar", sei de duvelbänder tsjin de heit, "moatst al

in grouwe kneppel meinimme, want do silst it swier krije ûnderwei." No, dat kaam út! Tusken Aldegea en Garyp sprongen der trije grutte wynhûnen op'e man ôf en dy diene alle war om de flesse, dy't er yn'e binnenbûse fan syn tichtknope jas hie, stikken te krijen. De man hie de hannen der fol oan, mar hy switte it der ôf.

Spoekjende fôle

As men de ferhalen leauwe wol, dan hawwe der eartiids nochal wat bisten yn Fryslân omspoeke. Meastentiids wiene dat fôlen (soms sels in fôle sûnder kop!), hynders, hûnen, katten en ek wolris in keal. Yn Aldegea hat op It West, altyd waard it bist op It West sjoen, in fôle omspoeke. It bist die sasear gjin kwea, mar de lju dy't him by tsjuster moeten sille wol in skrik krige ha. Nuvergenôch hie dy Aldegeaster fôle altyd in brijpot om'e nekke hingjen, mar dat wie net om der om te laitsjen; mei sa'n wêzen út'e heimige, numineuze wrâld moast men op-passe!

De Langesleattermer man

In soad Aldegeasters sille der net wêze, tink, dy't fan dizze sêgefiguer noch nea heard hawwe. Alhoewol, Aldegea lei net yn syn wurkgebiet, fansels. Dat lei fral tusken Earnewâld en Warten en benammen oan en om de Langesleat, it farwetter tusken Earnewâld en de Krúswetters by Warten. Mar al wurdt Aldegea dan net neamd as ien fan de plakken dêr't de Langesleattermer man (de man, seine de lju koartwei) sjoen is, der hawwe wol Aldegeasters west, dy't him moete hawwe.

Yn'e njoggentjinde ieu waard der noch meand mei de seine, masinen wiene der net. De lannen stiene doe yn'e simmer fol mei fûl arbeidsjende mieren (meaners). As dy mieren fier fan hûs arbeiden, dan bleauwen hja nachts wol yn't fjild en sliepten yn in mieretinte. Mar de mieren dy't om ende by de Langesleat meanden doarsten nachts foar gjin jild yn'e tinte te bliuwen, deabenaud fanwegen de Man. Nee, dy stieken jûns mei de skouke de Langesleat oer nei de Saiter ta, om dêr by boer Lûtsen Jager yn'e skuorre te sliepen. Ek twa Aldegeaster mieren (soene dat Lykle Dupon en syn broer west ha, tink ik wolris) hawwe dêr wol meand en sliepten dan ek by Lûtsen Jager yn'e skuorre. Mar doe hawwe hja op in nacht sjoen, dat de Langesleattermer man by harren yn 'e skuorre omskaaide. En doe wie't dien, fansels, nea doarsten hja letter wer yn dy skuorre sliepe. It is ek ris bard, dat op in iere simmermoarn, wylst it noch dizzenich wie, twa fiskers op it wetter wiene, elk yn syn eigen boat, tusken Aldegea en Earnewâld. Op in stuit frege de iene: "Sjochsto ek wat?". De oare: "Ja, ik sjoch wat."

Se fearen swijend fierder. Mar doe frege de iene wer: "Begrysto wat dat west hat?" "Nee", sei de oare, "ik begryp it net, mar it wie krekt oft der in man yn in boat fear en dat er op'e knibbels lei te skowen. Krekt oft er net sjoen wurde woe."

De ferskinging hie ek samar, yn in amerij, wer fuort west. Mar neitiid waard der in bernelykje fûn oan'e kant fan'e Geau, dy't fan'e Westersânig nei de Krúsdobbe rint. By it stee, dêr't okkerwyks de boartoer stie. De lju woene ha, dat der ferbân wêze soe tusken dy ferskinging en dat bernelykje. Tenei mear.

L. de Jong

Skriptlike boarnen:


S.J. van der Molen, Frysk sêgeboek.
id. , Ta de Fryske folkskunde.
Y. Poortinga, De foet fan de reinbôge.
Encyclopedie van Friesland.
Smalingerland. Prove van een "geakinde" van de gemeente Smalingerland (s. 188).
J.J. Spahr van der Hoek en I.J.N. IJpma. Tietjerksteradeel (s. 334-337).

Neiskrift

As der guon binne, dy't nei it lêzen fan boppesteande rigels by harsels tinke: hea, soksoartige ferhalen haw ik thús of by pake en beppe ek wolris heard, soene dy nar op 'e iene of oare manier oppenearje wolle? Ik soe dy ferhalen ntl. graach heare wolle.
d.J.




Keukenchef Bavelaar van „Lauswolt“ haalt de „Hoodammer“-Kaas bij Wennie Craens in Oudega. Haar koeien en schapen grazen op een beschermde weidegrond van de „Fryske Gea“



Friese kaas in variaties

Midden in het Friese land, in het dorp Oudega, onder Drachten, ligt een bijzondere kaasboerderij. Hier vestigden zich tweeënehalf jaar geleden Jan en Wennie Craens, beiden uit Brabant – hij afkomstig uit een boerenbedrijf, zij oud-leerlinge van de Landbouwhogeschool. Ze hadden een bescheiden ideaal: een kleine eigen kaasmakerij te beginnen die enerzijds volkomen natuurzuivere produkten wilde afleveren en anderzijds soorten moest afleveren die buiten het al te gangbare liggen. Daarbij kwam dan nog hun speciale wens om naast koeien eigen schapen te houden, schapenkaas te maken. Ze hebben hun droom in vervulling zien gaan. In het onvergankelijk mooie Friese land, tussen Oudega en Eernewoude, grazen hun twee kudden, in het gebied dat de Hoodiam heet – en het zal wel niet lang meer duren of de kazen die zij maken zullen officieel de naam „Hoodammers“ gaan dragen.

De grondstof voor hun eigen Goudse boerenkaas is rauwe (d.i. ongepasteuriseerde) melk. Aan die kaas komt geen salpeterzout te pas en geen plastic en



geen kleurstof, terwijl ze hem pekelen in zeezout, waar meer mineralen in zitten dan in gewoon zout.

Het aardige is dat Jan en Wennie Craens eigenlijk vóór alles een eigen kudde schapen wilden houden en dat ze pas daarna bedachten van hun schape-melk kaas te gaan maken. De schapen die ze hebben vormen op zichzelf een zeldzaam geworden verschijning: echte Friese stamboekschapen, met hun wat kromme „ramskoppen“, lange nekken en onbewolde buik. Het is een fraai gezicht, zoals ze, hoog op de poten, op de weidegrond staan in het beschermd gebied van de „Fryske Gea“.

Je zou deze kaasboerderij best een „proefstation“ kunnen noemen. De Craensen, die op zaterdagen hun kaasprodukten te koop aanbieden op de markt in Drachten, houden nauw

contact met hun vaste klanten en hun voorkeuren voor bepaalde soorten kaas.

Behalve naar de schapekaas is er een groeiende vraag naar hun kruidenkaasjes. En niet ten onrechte: zowel hun selderij- als thijmkaas, mosterd- en peperkaas, brandnetel- en knoflookkaas zijn delicatessen.

De „Hoodammers“ zijn sinds

kort ook de exclusieve kazen op het eigen plateau van Hotel-Restaurant Lauswolt in Beetsterzwaag. Keukenchef Bavelaar, altijd op zoek naar iets bijzonders, is blij met dit produkt van de eigen Friese grond. De kaas van de Craensen vormt nu een waardige afsluiting van een smulmaaltijd in het attractieve Lauswolt. M.v.d.P.

(advertentie)

Diervoederbedrijf



henk herder

Dorpsgenoten,

Wij willen u hartelijk bedanken voor uw "rommel" voor onze rommelmarkt en het geld dat het heeft opgebracht. De totale opbrengst was f 1800,--. Dit geld hebben we hard nodig voor ons instrumentarium, het kopen van nieuwe muziek en het bekostigen van de dirigent.

Daarom zijn wij ook erg blij met het donateursgeld. In december a.s. kunt u ons weer verwachten om dit geld. Natuurlijk mag u uw gift verhogen, dit geeft ons financieel wat meer armslag.

Nogmaals iedereen hartelijk bedankt die heeft meegewerkt aan de rommelmarkt.

+++

U kunt ons zaterdag 15 november a.s. beluisteren op het muziekconcorso in de Lawei te Drachten.

+++

Nieuwe leden zijn van harte welkom. Misschien willen de oud-leden het nog eens proberen. Kom gerust eens luisteren!!!

Een muzikale groet van het bestuur en alle leden van het fanfare-korps
"Looft den Heer".

Geachte redactie en dorpsgenoten,

Een maandblad met een vraagteken en wel 1e jaargang september 1980 No. 2. Iedereen had meteen door dat achter deze vraagteken de Grietman schuil ging.

Het blad waar wij allen op hadden gewacht en dat reeds van succes was verzekerd. Een blad waarvan je nu al kon zeggen: "dat had je kunnen weten, want het heeft in de Grietman gestaan".

Maar waarom nu al de naam veranderen? Waarschijnlijk om de Grietman (als maandblad) en de Grietman-activiteiten gescheiden te houden!!

Laten wij de eerst ingeslagen weg volgen en samen de Grietman tot een succes maken.

Mijn wens is de Grietman-courant moet blijven en daarom ook de naam.

Een Grietman lezer.

Allegearre dy 't de 23-ste septimber foar ús ta in unforjitlike dei makke ha, ús hertlike tank.

Fam. Welling, Buorren 18.

Gezondheidskursus "Groene Kruis"

De vereniging "Het Groene Kruis Opeinde e.o." organiseert bij voldoende belangstelling in het komende winterseizoen een kursus algemene gezondheidszorg. Zij die verleden jaar hebben meegedaan kunnen zich ook aanmelden voor een eventuele vervolgcursus. De kursus omvat ongeveer zes lesmiddagen.

Aanmeldingen schriftelijk of telefonisch bij:

M.A. de Bruin

Master de Jongwei 32, de Tike

tel.: 05127 - 1626.

DE MEEST GESPECIALISEERDE COLLECTIE

VOETBAL - en TRAININGSSCHOENEN
QUICK - ADIDAS
PUMA - PONY

EN DE MEEST UITGEBREIDE COLLECTIE

SPORTKLEDING
SPORTTASSEN
TRAININGSPAKKEN
&
SCHEIDSRECHTERS KLEDING



vindt U bij FRIESLANDS GROOTSTE

SPORT SPECIAALZAAK

SPORTHUIS

KANNINGA

zuiderbuurtpromenade 49 - raadhuisplein - drachten tel: 13270

HET KRUIS IN DE ASFALTJUNGLE

met Pat Boone als David Wilkerson



"HET KRUIS IN DE ASFALTJUNGLE"

Op vrijdagavond 7 november a.s. zal de evangelisatie-commissie van Oudega in samenwerking met de commissie van Opeinde, Nijega en de Tike in het Miensker de film "Het kruis in de asfaltjungle" vertonen.

De film, gemaakt naar het gelijknamige boek (wereldoplage 16 miljoen) gaat over leven en werk van de Amerikaanse predikant David Wilkerson. Hij laat veel zien van de moeilijke start van Wilkersons werk in de achterbuurten van New York. Daar begon zijn organisatie Teen Challenge, die zich bezig houdt met opvang van verslaafden aan drugs en alcohol en andere in moeilijkheden geraakte jongeren.

Teen Challenge heeft zich inmiddels naar vele landen vertakt. Er is ook een afdeling in Nederland (die o.m. de filmvoorstelling verzorgt). Een van de hoogtepunten van de film is de grote verandering die zich voltrok in het leven van Nicky Cruz, voormalig benedeleader en thans evangelist.

De kleurenfilm duurt bijna twee uur en confronteert de kijkers met de rauwe, perspectiefloze wereld van drug-verslaving en misdaad, waarin vele duizenden jongeren op het ogenblik leven. Teen Challenge Nederland wil met "Het Kruis in de Asfaltjungle" (The Cross and the Switchblade) niet alleen jongeren bereiken in het kader van haar preventie-programma, maar ook realistische voorlichting geven aan ouders en opvoeders.

Een ieder die belang stelt in deze problemen is hartelijk welkom. De avond wordt geleid door ds. Nolles. Na de film is er gelegenheid om vragen te stellen. De toegang is gratis met consumptie. Aanvang KWART VOOR ACHT !



Vergadercentrum It Miensker

Telefoon 05127-1398 - 1300

- * Iedere avond geopend van 19.00 - 23.00 uur
- * Zaterdags vanaf 3 uur
- * Dinsdags gesloten (van 1 mei tot 1 september)

UW ADRES VOOR:

VERGADERINGEN - BRUILOFTEN en FAM.DAGEN

Tevens het adres voor het afhalen van uw
hartige hap en vers ijs

hoog geslaagdenpercentage heeft:



Autorijschool W. Pijl - Ureterp

u bent niet langer dan 2 uren van huis!
elke week theorieles!!
wij rijden in nieuwe Opels Ascona.

aarzel niet langer, maar wees wijs
en haal bij deze jongens uw rijbewijs!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!

gedipl. instructeurs	Wiebren Pijl	- Ureterp	05125-2151
	Geert v/d Klijn	- Drachten	05120-15210
	Niek Zwart	- Surhuisterveen	05124-3144

De aksje foar hantekenings

Der is op moandei 6 oktober in struiblêd bylâns brocht yn it hiele doarp, mei in ôfprinting fan in artikel oer de eardere Aldegeaster domeny Addis. Alle hûshâldings hawwe ien yn'e brievebus krige en elkenien koe lêze wêr 't it om gong. Elkenien wit ek, dat der doe op tiisdei 7 oktober in aksje om hantekenings efteroan kaam. Dy aksje hat in sukses west, in grut sukses, meie wy wol sizze. Der wie gjin tiid foar tellen en rekkenjen, wy moatte it dus rûze, mar grif wol 90% fan 'e minsken dy 't frege waarden hawwe har hân setten! TIGE BETANKE ALLEGAR!!

De listen mei hantekenings binnen noch deselde jûns (7 okt.) nei 't plak ta brocht dêr 't se hearden, de synoade fan de griffermearde tsjerken te Lunteren. Wy hawwe de papieren dêr oerrikt oan domeny Hofland, de foarsitter fan 'e synoade.

Mar ear 't it safier wie moasten der earst nochal wat tûkelteammen oprûme wurde. It spande der om, om de foarsitter, praeses moatte wy eins sizze, oan 'e tillefoan te krijen. Der waarden earst nochal wat kapsjes makke yn Lunteren. Mar lang om let slagge it dochs om de foarsitter oan it tastel te krijen en doe wie 't ek gau beslikke. Om healwei tsienen moasten wy de jûns yn Lunteren wêze om de listen oan 'e praeses te jaan. Mar it wie ûnder tusken al kertier oer seizen wurden, ear 't alles yn kalk en semint wie. Dat doe haljetrawalje nei Lunteren ta. 't Wie striemin waar en roettsjuster en net ien fan ús hie alris earder yn Lunteren west. Mar wy hawwe it der ôf rêden, healwei tsienen stiene wy yn it synoadegebou en doe duorre it net mâle lang mear of foarsitter Hofland kaam by ús. Hy naam de listen fan ús oer en harke nei ús útlis, mar koe ús fansels net folle tasizzingen dwaan. Hy soe de hantekenings meinimme nei de gearkomst fan de oare deis (8 okt.) en de synoadeleden oer de Aldegeaster aksje ynljochtsje.

It die bliken, dat wy skiednis makke hawwe, want noch nea earder yn 'e histoarje fan de synoade wie der in petysje oanbean. Dêrfandinne kaam it, tink, dat se earst net rjocht wisten hoe 't se hjir mei oan moasten.

J. Zonneveld-de Vries
J. de Vries-Paulusma
B. de Vries
L. de Jong.

Oldekerk, 11 oktober 1980

Hartelijk dank voor de brief en bijgesloten "Een spontane aktie vanuit Oudega", met de vele handtekeningen. Deze aktie heeft ons bemoedigd en gesterkt. Het is voor ons een geweldige morele steun geweest.

Wij willen allen, in de eerste plaats de organisatoren, de heer De Jong (voor zijn vasthoudendheid!) die deze petitie aan de Generale Synode van de Geref. kerken heeft aangeboden en alle dorpsbewoners die aan deze aktie actief deelgenomen hebben, heel hartelijk dankzeggen.

Zouden jullie via de dorpskrant onze dank over willen brengen aan alle dorpsbewoners?

Met vriendelijke groet,

fam. Addis.

Achille Addis



SOCIALE AGENDA

1 - 2 november	Dr. S. Vriesinga
8 - 9 november	Dr. J.S. Meyboom
15 - 16 november	Dr. C. van Staveren
22 - 23 november	Dr. H.J. Amelink
29 - 30 november	Dr. S. Vriesinga
6 - 7 december	Dr. J.S. Meyboom
13 - 14 december	Dr. C. van Staveren
20 - 21 december	Dr. H.J. Amelink
25 - 26 december	Dr. C. van Staveren
27 - 28 december	Dr. S. Vriesinga
31 - 1 dec./jan.	Dr. J.S. Meyboom

De weekenddiensten duren van vrijdag 17.00 uur tot zondagavond 24.00 uur.

ADRESSEN

Dr. C. van Staveren	Roundeel 56	Oudega Tel. 05127 - 1262
Dr. H.J. Amelink	Greate Buorren 22	Garijp Tel. 05117 - 1264
Dr. J.S. Meyboom	Kommisjeweï 120	Opeinde Tel. 05127 - 1261
Dr. S. Vriesinga	Torenlaan 17	Oostermeer Tel. 05129 - 221

GROENE KRUIS

Spreekuur W. van der Kooi: maandag t/m vrijdag tussen 12.30 - 13.30 uur onder nummer 05127 - 2207.
Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekeinden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND

Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.
Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND

Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak.
De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig.
De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

UITVAARTVERENIGING 'DE LAATSTE EER' OUDEGA

Inlichtingen over begrafenissen of crematie enz. Afspraken alle werkdagen. Pennm. G. Kooistra, Buorren 11, tel. 05127 - 1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 - 1206.
Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig lid kunnen worden?

BIBLIOTHEEK

Openingstijden:

woensdag:	13.30 - 17.00 uur 19.00 - 21.00 uur
vrijdag:	13.30 - 17.00 uur 19.00 - 21.00 uur

In 'It Miensker', Fabrykswei 13a.

OPENINGSTIJDEN

POSTKANTOOR

Maandag tot en met vrijdag:

10.00 - 12.30 uur

14.00 - 17.00 uur

RABOBANK

9.00 - 12.00 uur

13.30 - 15.30 uur

donderdagavond:

17.00 - 19.00 uur

KERKDIENTEN

26 oktober			
Gereformeerde Kerk	9.30 u	Ds. G. Rikkers, Suameer	
	13.45 u	Ds. G. Rikkers	
Hervormde Kerk	10.30 u	Ds. Hamoen	
2 november			
Gereformeerde Kerk	9.30 u	Ds. G. Rikkers, Suameer	
	13.45 u	Ds. H.J. Nolles m.m.v. muziekver. "Looft de Heer" uit Oudega	
Hervormde Kerk	10.45 u	Ds. Steenbeek	
9 november			
Gereformeerde Kerk	11.00 u	Dhr. Groeneveld, Paterswolde	
	14.00 u	Ds. Heiner, Drachten	
Hervormde Kerk	10.30 u	Ds. Hamoen	
16 november			
Gereformeerde Kerk	9.30 u	Ds. H.J. Nolles	
	13.45 u	Ds. G. Gerkema, Gorredijk	
Hervormde Kerk	10.30 u	Ds. Van der Meulen	
23 november			
Gereformeerde Kerk	9.30 u	Ds. H.J. Nolles	
	13.45 u	Ds. G. Rikkers, Suameer	
Hervormde Kerk	10.30 u	Ds. Hamoen	
30 november			
Gereformeerde Kerk	9.30 u	Ds. H.J. Nolles voorbereiding Heilig Avondmaal	
	13.45 u	Ds. C. Neef, Donkerbroek	
Hervormde Kerk	10.45 u	Ds. Steenbeek	

GROOT

op vrijdag 6 november 1980



CONCERT

in het MIENSKER
om kwart voor acht

GRIETMAN

Aan dit Groot Grietman Concert werken 180 deelnemers mee, o.a.



Drumband met majorettes
LOOFT DEN HEER
o.l.v. R. Zijlstra

Muziekkorps **APOLLO-FOARUT**
o.l.v. C. Hoekstra



Zangkoor **DE LOFSTEM**
o.l.v. G. Zijlstra

PAUZE
voor een natje en een droogje

Boerenblaaskapel **LOOFT DEN HEER**

Muziekkorps **LOOFT DEN HEER**
o.l.v. Kl. van der Woude

Volksdansgroep **Oudega**
o.l.v. Aardema

Volksdansgroep **Oudega**
o.l.v. Aardema



Even pauzeren



Houdt deze avond
vrij !!!

Dit kunt U niet missen

Toegang vrij



MUZIEK - ZANG - DANSEN

non - stop - programma
voor jong en oud



OUDEGAASTERS
U toont toch ook
Uw belangstelling !!!



Stoelen aanwezig